

Datum: 6 febrewaris 2025
Tiid: 10.00 oant 12.10 oere
Lokaasje: Gemeentehûs
Dantumadiel
Adres: Hynstebloem 4, Damwâld

Gearkomste Gemeenten & Frysk: Wetlik ramt en sichtberens fan it Frysk

Oanwêzich : [redacted] (Eaststellingwerf), [redacted] (Provinsje), [redacted] (Dantumadiel), [redacted] (Afûk - foarsitter), [redacted] (Waadhoeke en Harns, oant 11.48), [redacted] (Provinsje), [redacted] (DINGtiid), [redacted] (SWF), [redacted] (Harns, fan 10.30 ôf), [redacted] (De Griffel - ferslach), [redacted] (It Hearrenfean), [redacted] (Achtkearspelen en Tytsjerksteradiel), [redacted] (De Fryske Marren, fan 10.37 ôf), [redacted] (Waadhoeke), [redacted] (Smellingerlân)

Ofwêzich : [redacted] (NEF), [redacted] (Wetterskip), [redacted] (Ljouwert), [redacted] (Eaststellingwerf), [redacted] (SWF), [redacted] (NEF), [redacted] (Provinsje), [redacted] (Smellingerlân), [redacted] (It Hearrenfean)



4. Sichtberens fan it Frysk yn de iepenbiere romte

 hâldt de presintaasje 'Meartalige ferkearsbuorden yn Fryslân' (sjoch taheakke).

Fan 2026 ôf wurde safolle mooglik ferkearsbuorden op provinsjale diken yn it Frysk taalgebiet fan Fryslân twatalich, sa hat de provinsje bekendmakke. It giet om RVV-bebuording en net om paadwizers. Dat moat op in ferkearsfeilige wize barre. Om't de provinsje gjin foech hat oer gemeentlike diken, hat deputearre Folkerts foar it bekendmeitsjen fan it beslút mei de wethâlders belle om te besjen wat der op de gemeentlike diken mooglik is. Meikoarten komt

dit ûnderwerp op de wurklist fan de bestjoerlike oerlizzen yn it ramt fan it Frysk belied en it OVVF.

J merkt op dat der oerlis west hat tusken de deputearre en de wethâlder fan har gemeente Eaststellingwerf. Neffens har wie der noch wat romte oangeande de twataligens met it each op de taalgrins yn de gemeente.

J jout oan dat der yndie romte is yn it ûntwerp. Minsken dy't dêr doel oer hawwe, wurde frege hoe't dêr it bêste mei omgien wurde kin, ek mei de streektalen.

J freget oft der in oersjoch fan de RVV-buorden is.

J merkt op dat in oersjoch op wetten.overheid.nl stiet.

J jout oan dat de ferkearskollega's by de gemeente ek witte hokker buorden it binne. Gemeenten moatte útsykje hoefolle talige buorden der op gemeentlike diken steane. In rûzing is earst foldwaande. De provinsje kin dan ynskatte wat de twatalige buorden kostje sil en wê't de fokus de kommende tiid lizze moat. De provinsje soarget foar it ûntwerp fan de ferkearsbuorden en makket in plan fan oanpak. Deputearre Folkerts wol noch foar it BO fan 5 maart mei de wethâlders prate. Yn it BO moat al nei in beslút tawurke wurde.

J freget hoe't it mei buorden op it wetter komt.

J seit dat de provinsje wol mei twatalige buorden op it wetter dwaande is, mar dat by dit projekt de fokus leit op twatalige buorden by diken lâns.

J merkt op dat ek oerlis mei de ferkearsamtners nedich is.

J jout oan dat it plan yn in betiid stadium bepraat is yn it AVVF. Oan it OVVF, dêr't dit ûnderwerp ek bepraat wurdt, giet in AVVF foarôf en dêr sil it ek op 'e wurklist komme.

J freget wat de beliedsmeiwurkers nedich hawwe om dit ûnderwerp fierder te bringen yn de organisaasje.

J merkt op dat de beliedsmeiwurkers de argumintaasje út it DS-stik brûke kinne en amtners mei J sparre kinne oer dy arguminten.

J jout oan dat buorden dy't loskeppele wurde, wer brûkt wurde kinne en dat safolle mooglik mei stikkers wurke wurdt.

J merkt op dat miskien saken tûk kombinearre wurde kinne, sadat jild út ferskillende domeinen brûkt wurde kin.





T



T

Aksjelist gearkomste Gemeenten&Frysk op tongersdei 6 febrewaris 2025

Datum	Aksje	Aksje troch
		T
		T
		T
06-02-2025	Rûzing talige ferkearbuorden (RVV) gemeentlike diken tariede.	Gemeenten

Planning gearkomsten Mei-inoar foar it Frysk 2025

Datum	Gearkomste	Tiid	Lokaasje	Underwerp

T

Toelichting grondslagen

In dit document kunt u secties vinden die onleesbaar zijn gemaakt. Deze informatie is achterwege gelaten op basis van de Wet open overheid (Woo). De letter die hierbij is vermeld correspondeert met de bijbehorende grondslag in onderstaand overzicht.

J Art. 5.1 lid 2 sub e

Het belang van de openbaarmaking van deze informatie weegt niet op tegen het belang van de eerbiediging van de persoonlijke levenssfeer van betrokkenen

T

Valt buiten de reikwijdte van het verzoek